[0176] TA IT FORSTEAN FAN DE ALDFRYSKE OARKONDEN

As wy yn de kommende nûmers fan US WURK in mennichte slim forsteanbere plakken yn de *Oudfriesche Oorkonden* ûnder hannen nimme, dan hâldt soks - wy wolle dat dúdlik foaropstelle - gjin krityk op it baenbrekkende wurk fan

Sipma yn. Hoe faek ommers net wurdt der kritisearre op in (minsklike) ûndergroun fan: sa mis wie hy en sa folle better witte wy, wit ik it. Mar dan forjit men, dat dyselde kritikus net hifke wurde kin mei dyselde noarmen: hy ommers hat net de "gelegenheit" hawn datselde wurk to dwaen om dêrop op deselde wize bioardiele to wurden. Dêrom hulde oan it wurk fan Sipma en wy hoopje dat hy en oaren ús oanfollingen en forbetteringen biskôgje sille as in lyts part fan it lêste persint, dêr't Sipma de njoggen en njoggentich of mear by levere.

Sipma hat in greate taek folbrocht. Elk dy't mei útjaen fan âldfrysk pielt kin dat witte. Yn syn tiden stie de oarkondefotografy noch yn de berneskuon, in oersjoch fan it materiael, dat yn dy massa forskûle lei, wie der net. Sipma moast boppedat al printsje sûnder dat er weet hie fan hwat der noch komme soe en sûnder dat er dêr al learing fan ha koe. By alle útjaen moast men eins twa kear kinne, ien kear foar eigen gebrûk en forliking en dan nochris foar tredden en foargoed. Wy kinne nou elts wurd en eltse foarm dalik neisjen en forlykje mei oare, wy kinne ultrafiolet ljocht en as 't moat ek noch radio-aktiviteit der by helje, wy ha it nammeregister yn it tredde diel Oarkonden ta ús foldwaen. Sipma hie dat allegearre net, doe't er oan it wurk wie. Wy kinne sa to sizzen yn fûgelflecht oersjen datselde hwat Sipma op 'e groun biwrotte moast. Nimmen hie it better dien yn syn omstandichheden as Sipma en wy hoopje - as wy aenst twivelige dingen oansnije - op in fruchtbere diskusje, alteast op diskusje.

Salang as de Oarkonden brûkt binne, is der al op emendearre. Wy wize hjir effen op de stúdzje fan Overdiep en Tjessinga, *De Rechtsomgang van Franekeradeel,* in prachtige rjochtshistoaryske analyse fan O II 17 en 18. Overdiep en Tjessinga seagen dêrby kâns om in goed tweintich forhaspele nammen yn dit slim bidoarne en min oerlevere stik oannimlik to emendearjen [1]). Ek oaren kamen by it brûken fan de Oarkonden foar fragen to stean, dy't ta in bettere of oare lêzing laetten.

1) O II 18.162 *Aelmera* (skrasse yn 't register) *staeten*, lês *Jelmera staeten* (byskriuwe yn 't register); O II 18.165 *Broutich in Aerum* (skrasse yn 't register), lês *Broutich in Herum* (byskriuwe yn 't register); O II 18.160 *Sicka Bedunga* (skrasse yn 't register), lês *Sicka bedunga* (*bedunga* is in tiidwurdsfoarm); O II 18.212 *Eed* (skrasse yn 't register), lês *Reed* (byskriuwe yn 't register); O II 18.165 *Ehunkm fiarndel* (skrasse yn 't register), lês *Thonkem in Tzumma fiarndel*; O II 17.7 *Erdenze* (skrasse yn 't register), lês *Erkenze* (opnimme yn 't register); O II 17.11 *Erdenzera* (net yn 't register), lês *Erkenzera* (opnimme yn 't register); O II 18.173 (Jelmera op Aydelen) *Ferdese* (skrasse yn 't register), lês (Jelmer op Aydelen) *ferdese* (tiidwurdsfoarm); O II 18.172 *Heed* (skrasse yn 't register), lês *Reed* (yn 't register byskriuwe); O II 17.46 *Offinga, Hunstera (Offinga* en *Hunstera* apart yn 't register), lês *Offinga huustera* (*Offinga* yn 't register foroarje yn *Offingahuustera* en *Hunstera* skrasse); O II 18.173 *Jelmera op Aydelen*, lês *Jelmer op Aydelen* (*Jelmera* yn 't register foroarje yn *Jelmer op Aydelen*); O II 18.174 *Brontich* (skrasse yn 't register) *in Jerum* (skrasse yn 't register), lês *Broutich in Herum* (byskriuwe yn 't register); O II 18.191 *Keringa staeten* (skrasse yn 't register), lês *Heringa staeten*; O II 18.60 *vander Luter* (Sipma yn 't register: Lees *Enter),* lês *vander Enter*; O II 18.74 *Maliga huyse* (skrasse yn 't register), lês *Intiga huyse* (opnimme yn 't register); O II 18.167 *Nitzens* (Sipma yn 't register: Lees *Witzens)*, lês *Witzens* (opnimme yn 't register); O II 18.63 *Peynse,* les *Sweynse* (18 byskriuwe yn 't register); O II 18.95 *Sund(es)* (skrasse yn 't register), lês *Siurd(es*); O II 18.195 *Talca* (skrasse yn 't register), lês *Taka*; O II 18.76 en 84 *Taltema (fiarndel)* (skrasse yn 't register), lês *Faltema fiarndel* (18 byskriuwe yn 't register); O II 17. 16 *Tijaertha statha* (yn't register *h* yn *z* foroarje), lês *Tijaertza statha*; O II 18. 163 *Tierd Tonga,* lês *Tierd Jonga (Tierd Tonga* yn 't register foroarje yn *Tierd Jonga*); O II 18.102 *wester fiarndel,* lês *aester fiarndel* en O II 18.195 *wester fiarndel*, lês *Tzumma fiarndel* (opnimme yn 't register).

Seldetiidske (kontemporaine) of lette kopyen binne troch Sipma sûnder mear sa opnommen en mar komselden emendearre. Sipma hie destiids great gelyk dat er dat prinspeal net die: der hie gjin bigjinnensein oan west, guon lette kopyen, binammen dy fan Schotanus, sitte smoarfol fouten en binne sûnder fiergeande emendaesjes net to forstean; der wiene sels guon dy't Sipma net ienris opnimme woe, om't de tekst to min wie. Mar hwat wol de fornaemste reden west habbe sil foar it net-emendearjen is: men moat earst in oersjoch habbe fan al it fichearre materiael, fan al de oerlevere wurden - út de (uteraerd) bitrouberder originelen. Dat hie Sipma op dat pas net en dat ha wy nou wol. It giet hjir om emendaesje fan troch de kopyist forkeard forstiene en dêrtroch forkeard lêzen tekst, dy't Sipma dus net-emendearre oernaem; téoretysk kin by dat oernimmen ek noch hwat mistribelje, mar dat litte wy nou fierder bitsjen. Nou hat binei eltse âldfryske oarkonde inkelde of soms ek wol in protte ôfkoartingen, ôfkoartingstekens, dy't yn it plak steane fan letters en dy't by publikaesje ta letters oplost wurde moatte. Hjoeddedei dogge wy dat sa, dat de lêzer oan de skeanprinte letters sjen kin, hokker letters oplost binne, dy't dus mei oare wurden net yn de oarkonde stiene. De âldere kopyisten diene dat gauris forkeard, dat net it slimste is, mar hja joegen net oan, hokker letters troch harren oplost wiene. Njonken troch de kopyist forkeard forstiene en dêrtroch forkeard skreaune of printe tekst, sitte yn dy âldere kopyen ek f o r k e a r d o p l o s t e ôfkoartingen. En dy forkeard oploste ôfkoartingstekens koene faken ek wer oanlieding jaen ta forkeard forstean en dêrtroch forkeard lêzen fan de tekst, dus fan letters dy't dêromhinne wol stiene. Wy ha dus by âldere kopyen to dwaen mei twa soarten emendaesjes: forkeard lêzen en f o r-k e a r d o p l o s t, sûnder dat wy it oarspronklike stik noch binei komme kinne en sûnder dat wy sjen kinne hokker letters oplost binne; by beide soarten flaters moatte wy sa to sizzen troch de korrupte tekst hinne lêze en oannimlik meitsje, oan de iene kant, dat der oare letters of wurden stien habbe moatte en oan de oare kant, dat it net dy oploste letters wêze moatte, mar oare.

De originelen by Sipma opnommen, kinne yn bigjinsel deselde forsinnen ha as de opnommen kopyen (Sipma nimt dan foar ús it plak yn fan de kopyist), allinne hjir leit it folle makliker. Ommers fan alle oarkonden en âldfryske stikken ha wy foto's makke en der is mar komselden sûnt Sipma syn tiden in oarkonde forlern gien of net mear to finen. En mei de oplossingen leit it al hiel maklik: Sipma jowt mei skeanprint oan hokker oploste letters fan him binne. Twivelet men oan de goede lêzing of goede „oplossing", dan jowt de oarkonde, of leaver de foto dêrfan, útslutsel oer it brûkte ôfkoartingsteken en it fichearre (en folút skreaune) materiael fan dyselde oarkonde en fan seldetiidske stikken oer de oplossing fan dy ôfkoartingstekens. Hwant it giet derom by oplossingen *hoe*'t de skriuwer it set habbe soe, *as* hy it folút en dus sûnder in ôfkoartingsteken skreaun hie.

Wy ha dus oant nou ta 2 kear 2 skiften (yn opnommen kopyen en yn opnommen originelen), dêr't wy op emendearje kinne. Mar der binne mear kategoryen forsinnen. De skriuwer fan in origineel kin him forsind habbe by it delskriuwen fan it stik, dus hwat oars set as dat er bidoelde to setten : soks komt eltsenien op 'e tiid oer. By originele stikken en tominsten by oarkonden dy't opmakke waerden om ta biwiis to tsjinjen, is dy kâns net sa

great, mar wy ha se dochs foun. Ek in originele tekst as fan de Snitser Recesboeken, dy't yn earste opslach foar yntern gebrûk ornearre wie en tagelyk ek foar biwiis tsjinje koe, mar dy't moai hastich delkwattele waerd, sit stiiffol mei skriuwflaters.

Der is noch in skift flaters, dy't in mienskiplike oarsaek habbe. Sipma is by syn âldfryske oarkonden net alhiel diplomatysk to wurk gien, d.w.s. hy set yn de tekst de nammen mei haedletters, dus ek dan as de oarkonde op dat plak in lytse letter hat en hy hat oarsom ek wol haedletters as lytse letters printe. Dat hat er dien ta geriif fan de algemiene brûker, dat dy maklik de nammen der út kenne sil en dêrmei gauwer (en makliker, wie de opset) de tekst forstean soe. Der is dan boppedat oerienstimming tusken dy oantsjutting mei haedletters yn de tekst en it nammeregister yn it tredde diel oarkonden. De mei haedletters skreaune nammen yn de tekst moatte yn it register as nammen to finen wêze en oarsom sille de gewoane-wurden-net-nammen ek net yn it register as nammen foarkomme meije. Dy ôfwiking fan it diplomatyske systeem hat oanlieding jown ta mistaesten: guon wurden yn de tekst dat nammen binne, steane mei lytse letter en misse dêrtroch yn it register, oare wurden steane yn de tekst mei haedletter en dêrtroch ek yn it register, mar binne hielendal gjin nammen en hearre dêrom ek net yn it register thús. By it meitsjen fan it register is dat Sipma yn inkelde gefallen ek al opfallen, mar de tekst fan it earste en twadde diel Oarkonden er foar 't neist ek fan it tredde diel wie al ôfprinte. It iennichste dat Sipma noch dwaen koe wie: nim yn it nammeregister op hwat by neijer ynsjen dochs in namme blykte to wêzen (ek al stie it yn de tekst mei lytse letter) en lit yn it nammeregister wei hwat yn de tekst wol mei in haedletter printe stiet, mar dochs gjin namme is. It setten fan haedletters yn de tekst is o sok faei wurk, net allinne om't men jin der maklik op forsjen kin (oft it al of net foar in namme holden wurde moat), mar withoefaek is de grins tusken hwat noch al en hwat net ta in namme heart slim to lûken, binammen by adjektivyske oantsjuttingen.

Hjir folgje nou in mennich foarbylden fan wurden, dy't Sipma earst, by it útjaen fan de oarkonde, net as namme opfette en dêrom mei in lytse letter werjoech, mar dy't er letter, doe't er fan ynsjoch foroare, dochs as nammen yn it register yn it tredde diel opnaem:

O II 211.198 `lydsende buyten die aelde wey in *aecht* (register *Aecht)* dier Aebla Douves grondt heer fan is';

O I 208.6 'ende dio *brede* (reg. *Brede)* fen mei diin eecker';

O I 137.3 `twiska Meedrijd ende dat Aelde *deel'* (reg. *Deel*),

O I 448.16 `wrt *deel'* (reg. *Deel*);

O I 97.5 'ende is heten that hinxta lant bider *herbicka'* (reg. *Herbicka*);

O I 354.6 `dae trimdel fanda *kale* campt' (reg. *Kale* campt);

O I 113.7 `ende rennet fan da vra Deel oen dae *lunna'* (reg. *Lunna),*

O II 158.21 `dijn *maeera* (reg. *Maera*) lanx ende Flwssen ende Holken wt in zee';

O I 322.18 'dier Heerka in da *mer* (reg. *Mer;* O II 220, deselde oarkonde as O I 322, mar by forsin foar de twadde kear opnommen, hat *Mer)* op wanneth';

O I 185.29, 44 en 80 *'rad landis* dyken, *raed lands* dycken, *raedlandis* dycken' (wol yn 't register);

O I 219.29 `ende twira turena [1]) gong in Rippertsma feen byder hoerd [2]) fenna ende dat land in dae scher alsoe graet soe dat leyt ende dae *hillen'* (reg. hat *Hillen*) ;

O I 179.4 `fan da auda siil ende siilroed fan dae *ryeed* (reg. *Ryeed)* on den siil ende foerd al wt' ; [3])

O II 309.5 `wtte *schoer* meed jeff *faerdera* meede', O II 309.11 'opte *schoer* meed ... dae *schoer* meed', O II 323.3 `hietende *scor* miede ofte *faer der* miede' (allegearre wol yn it register);

O I 354.7 `den trimdel fanda *span* meed' (reg. *Span* meed) ;

O I 18.5 `den faen in da *trop'* (reg. *Trop*);

O II 85.7 `Wlke de monycfrowe tho da *warde* (reg. *Warde*) by hwylem priorne';

O II 42.10 `fan da *wiinga* (reg. *Wiinga)* hirna bi da wei lanx oender hirna ter galga toe';

O I 21.2 `Eteke, broer Gossa sester a *withrin'* (reg. *Withrin* [4])).

Hie Sipma oer 't generael gjin haedletters brûkt foar de nammen yn de tekst, dan hie der yn boppesteande gefallen mear oerienstimming west tusken tekst en register. Mar slim is it alhiel net, hwant de nammen hjirboppe steane op 't lêst yn 't register en binne dêrmei as nammen toplak brocht.

Ek fan it omkearde, dat Sipma in appellativum yn de tekst earst as namme opfette en oanjown hat, mar by it meitsjen fan it register ynseach dat soks mis wie en se dêrom yn it register stil weiliet, binne foarbylden to neamen; de neikommende “nammen" siket men yn it register omdôch en mei rjocht:

1) Sipma seit yn in noat `Lees: *kwnena';* wy fiele mear foar *kuena* of *kwena* as genityf plur by *kū,* nom. en acc. pl. *kī.* De foarmen út de oarkonden en ek de regel, dat de swakke deklinaesje yn de twadde fal meartal *-ena* hat, pleitsje hjirfoar. Forlykje dêrby O I 64.24 ‘aen *kuna* eestra', O I 123. 11, 13 en 14 `acht *kuna* ingungh ende wtgungh', O I 255.3, 13, 15, 18 en dorso `sawn *kwna* ghers', O I 277.3 `een *kwna* ghungh of ghers', O I 334.16 en 26 `fyouwer ... *kuena* gongh', O I 389.4 en dorso `v *kwna* gungh', O I 432.3 `tryre *kwne* gars', O I 432.8 en 10 `tryre *kwne* gung', O I 448.18 `fiff *kwne* gung in Bwweersta (lês Bwweerstra) fyn', O I 449. 43 `fjouwer *kwne* gung', O I 503.3 `twijra *kuwna* gongh', O I 503.7 `twijra *kwna* gers', O I 518.53 `sex *kuna* gongh', O II 238.176 `tolf of trettien *kune*gong*',* O II 250.3 `twyra *kuwena* ghungh in dae ghalga fen', O II 380.8 `fyouwer *kwna* gungen', O Il 380 dorso `fyouwer *kwne* gungh' en O III 54.35 `een stalt *kuen* wta manda gueden'. Wy ha hjir dus 1 x *kuena*, 1 x *kuwena,* 1 x *kuwna,* 5 x *kuna*, 1 x *kune,* 10 x *kwna,* 6 x *kwne* en 1 x *kuen,* de earste beide foarmen noch folút, dy't dan folgje ha gearlutsen foarkommens en it lêste *kuen* hat, ek as gefolch fan toanleazens, ôffal fan *a* of *e.* Der is lykwols ien gefal dat foar *kwnena* as emendaesje en tsjin it hjir útstelde *kuena* of *kwena* pleitet en dat is: O I 378.4 `to Leckum in Rierdsma *kunena* fin'. Mar dat is skyn, hwant yn it hânskrift stiet neffens my *kuuena* efter trochskrast *guet.* Ik moat der by sizze, dat *u* en *n* min to ûnderskieden binne; men lêst yn sokke gefallen hwat men lêze wol, hwat jin neffens kennis fan omtekst en soksoarte teksten en de grammatika oannimlik liket to lêzen! Dêrom ha wy ek al de boppesteande foarbylden oanfierd tsjin de emendaesje *kwnena* by O I 219.29 en tsjin *kunena* yn O I 378.4.

2) *hoerd fenna* lês *noerd fenna* en forlykje dêrfoar O I 209.8 'in dae *noerd fen*'.

3) Der is Sipma lykwols noch al ien fynplak fan de stream de Rie(d) ûntkommen. Yn O II 7.11 lêze wy: `Resterae ende Buurstera *rede'.* Dit moat de Rie(d) ûnder Rie(d) en Bûr wêze. Wy moatte dêrom dit `*rede'* as `*Rede'* skriuwe en yn it register byskriuwe, dêr't ûnder *Rede* al neamd steane O II 17 en 18.

4) Sjoch hjiroer ek US WURK, jg. I, side (18) en 41.

O II 233.8 `dat Ffeyka foer syn deel ws aeck fol dien hath fan XXVI oft XXVIII golden cronen dier sillighe scipper Ylies ende ick Waelsk Ffeyken om saenden ende sillighe Jow Kamstra solden to *Louen* hleend wessa'. Sipma sil it letter faeks as "op fortrouwen liend" of sa opfette habbe en it dêrom as namme (troch weilitting) weromnommen.

O I 449.58 'deer voer schil Sybren weer habben da weyde deer Rummeren *Maynman* in sen heer haet'. Mei't dizze „namme" op -man útgong (der binne ek persoansnammen op -man, lykas Brurman, Hartman, Tetman), hat Sipma it letter grif by de biropsnammen socht (lykas bakker, skipper, opperman, barkman, keapman, timmerman) en yn it register allinne *Rummeren maynman* opnommen en net *maynman* apart. Nou't wy it der dochs oer ha, kinne wy tagelyk wol meidiele dat dit *maynman* ta *waynman* emendearre wurde moat. O I 154.5 mei `Renka *waeynman',* O I 153.4 mei `Renka Reemka *waynman',* O III 32.118 mei 'Hans *waynman'* en binammen O III 32.369 mei `Rommert *waynmans wyff'* meitsje dit tige oannimlik. In weinman wie in fuorman, frachtrider en itselde as *weinaer* lykas bliken docht oan Sn. Recesb. nû. 1301 `Claes *weynmans* claegh' njonken nû. 1222 mei `Claes *weynaers* claegh'. Wy ha by O I 449 to dwaen mei in lette kopy fan P. Eemskerk út 'e l6de ieu en yn dat stik stiet yndied *maynman* (mei lytse letter). Sjocht men, mei boppesteande plakken fan *waynman* der by, troch de *m* hinne de *w*, dy't der yn it oarspronklike stik stien habbe moat, dan is der yn dit gefal gjin mis op.

O I 39.6 `ende om Sydze stens wenste; ende om syn *Wybis* fangenschap; ende om breck en brant, om raef ende rend der Sydze forscrioen deen is'. Sipma hat *Wybis* wyslik net as namme yn it register opnommen en dy't paleografysk hwat ûnderlein is, sjocht al gau dat de kopyist Schotanus him hjir forlêzen hat en dat der *wyuis* of *wiwis* stien habbe moat. Dan jowt it ek in bigryplike sin; it giet om hwat Sytse allegearre oandien is, dat syn stins nommen is, syn *wiif* finzen, syn goed forrinnewearre en yn 'e brân stutsen en him goed ôfnommen en fornield is. [1])

It boppesteande mei tsjinje ta in lytse ynlieding op de forbetteringen dy't wy yn de kommende nûmers fan US WURK foarslaen sille. De lêzer fornimt fansels wol ta hokker skift fan emendaesjes dy hearre; faek ek binne se tagelyk ta mear as ien skift to rekkenjen. Dêrom nûmerje wy de stikjes trochrinnend.

1) Nou't wy it dochs oer *wiif* en forlêzing dêrby ha, kinne wy tagelyk wize op in misslach yn O I 488.3 en yn it nammeregister op *Hira Wijnena* en op *Wynema.* Sipma hat *Hira* as persoansnamme en *Wijnena* of *Wynema* (sj. foar it lêste it register op side 239 yn O III) as famyljenamme opfette. O I 488.3 hat `Sipka Wlbeths zoen fen Aestereynd [[dan is troch pompierforlies in namme weifallen, mar dat moat neffens rigel 28 en 36 fan deselde oarkonde in Teta en neffens it Register fan Oanbring II, side 319 mûglik in Teta Douwa zin west ha; lês dêrom op it plak fan de stipkes: ende Teta (Douwa?)]] zoen toe Schraerd fen *Hira Wijnena* weghena'. De foto wiist út dat der `*hira wijŭena'* stiet. Wy soene foar *hira* (mei oploste *r*) leaver *hi*ar*a* (mei oplost *ar*) lêze wolle. Op de earste *n* fan *wijnena* stiet in hol bôchje, dy't dêrmei as *u* biskaet is. Dy *u* hat konsonantysk de wearde fan in *w*. Sa stiet der dan *fen hi*(a)r*a wijuena weghena'*. Sipka en Teta handelje dus net allinne foar eigen rekken, mar ek fanwegen harren froulju, 'fen hi(a)ra wijuena weghena'. It is dúdlik dat *Hira* en *Wijnena* of *Wynema* yn it nammeregister skrast en dat yn de tekst lytse letters brûkt wurde moatte ynsté fan haedletters: *hi*(a)r*a wijuena*.